

In krústocht foar winners

FD 7-2-'9

Ferhalen

troch Jaap Krol

Spesjaal foar feriening De Friesche Elfsteden dy't 15 jannewaris lêstlyn hûndert jier bestie, hat Hylke Speersta in bondel mei iisferhalen skreaun. Alve ferhalen, dy't mear as in ieu bestrike, mei in tragysk iepeningsferhaal om njoggentjin hûndert hinne en in futuristysk ferhaal yn 2018 oan de ein fan it boek. *De Kâlde Krústocht* is fansels oeral te keap, mar foar de leden fan de feriening is der ek in spesjale edysje printe, foarsjoen fan it eigen lidnûmer.

In feestlik boek dus. Lykwols is it mar de fraach of de trochsneed lêzer of ferieningslid him wol identifisearje kin mei de haadpersoanen. Sawat alle personaazjes binne wat de measte lêzers en riders net binne: fan it boereglacht, of dêrmei ferbûn.

Earlik sein hâldt dat gegeven it lêzen wolris wat op. Literêr sjoen is iis nijsgjirrich om't de glêde ûndergrûn ús maskers en fasades, rangen en stannen ferdwine lit. Foar Speerstra liket iis lykwols foaral it domyn fan de boer (en in inkele skipper) te wêzen. Dat dit boek op de flaptekst neist 'sportboek' oankundige wurde as 'sosjaal dokumint' is in frjemde kwalifikaasje. It giet oer it ferkear tusken ferskate sosjale lagen binnen de agraryske sektor (boer-feint/faam), mar bringt it wêzen fan dizze ferhâldings net tichterby. Dêrfoar binne dy al te faak fêstlein yn film, boek en teaterstik en hat de lêzer genôch ferbylding krigen - as er dat al net hie.



Je moatte it eins oarsom stelle: de iisflieer liket de al ynnommen posysjes krekt te ferstevigjen. De boer is net in bern fan syn tiid, mar is de lêste oerminske op ierde. Wat dat oanbelanget bewize de enoarme ferkeapsifers fan Speerstra syn boeken dat it sentimint nei dy autentike krêftsman noch altyd grut is yn Fryslân.

Iis

De Kâlde Krústocht is in bondel ferhalen mei iis as reade tried. Twa fan dy ferhalen binne op wierheid basearre (wêrûnder it earste), de oare njoggen binne fiktyf. Wat se mienskiplik hawwe is in flote, tagonklike styl, faak mei skerpe humor. Eksimplarysk foar dizze miks is nûmer seis,

De Alvestêdewidner. De Amsterdammer antropoloog en polygamist Pyt Salomons set him mei syn trije froulju en keppel bisten te wenjen neist boer Sjoerd Habbema. Habbema lit syn - troch de

**In soad minsken
lykje in foarleafde
foar ierdske lju en
hurde wurkers te
hawwen**

tocht fan 1929 - ferminkte lichem sjen oan de nije buorlju.

De antropoloog wit dat er hjir mei in útstjerrend minskeras te krijen hat. Saak is dat er Habbema syn alvestêdetochtkrúske krijt, as relikwy fan in rider dy't seit dat er op sokken op 'e redens stie. Sjoerd Habbema is in slûchslimme boer, Salomons in smoarge Hollanner, dy't it úteinlik allegear ferliest. Sa't Habbema seit: 'asto it hâlden en dragen fan in minskdom bestudearje wolst, moastst mei dysels begjinne'.

Lykas sein: flot en mei humor skreaun, mar ik wit net oft ik bygelyks Speerstra's stereotype typearrings fan 'Hollanners' wol sterk fyn. De relaasje tusken de boer en de Amsterdammer kin gjin paad fine tusken grotske oerdriuwing en de oerwinning fan de superieure oermins.

Ferhaal nûmer tsien, *Jabik en Dieuwertje*, spilet him ôf yn de takomst en giet oer in jong skipperspear dat op in modern kontenerskip oer de Rijn fart, wylst de strenge winter hûshâldt yn Nederlân en de tocht hast begjinne sil. De âlde pake fart mei. Hy is al widner en hat syn soan - Jabiks heit - oerlibbe. Foar him is de tocht út 1940, doe't er mei syn lettere frou de tocht ried, ûnferjitlik. De oankommende tocht wurdt sá swier dat Jabik en Dieuwertje as iennichsten finishe. Nei de dopingkontrole docht bliken dat pakes geheime hope net idel is. In leafdefol ferteld ferhaal, mei prima oerdriuwing - mar ek hjir stiet de ferhaaltried foaral yn tsjinst fan de oerwinning fan it ûnoerwinbere skippersgeslacht.

Better yn dit ferbân is nû-

mer trije, *De leafde fan Woltsje Wybranda*. Boerearbeidster Woltsje is in toprydster, dy't lang wachtsje moat oant har ferkearing Hannes weromkomt út tsjinst. Mar Hannes komt net werom, ek net as de tocht riden wurdt (yn 1917). Dan mar allinnich, wit Woltsje, en se rydt betiid yn 'e moarn fan de pleats nei de start, 55 kilometer fierderop.

Hast wer thús komt se in skipper tsjin, dy't se net mear ferlitte sil. Se libje yndied noch lang en lokkich, en dat is ek de krêft fan dit ferhaal. Lykas it grutte bosk faak it dekor is fan mearkes, sa is it iis de drager fan dit ûnmooglike ferhaal. En in mearke is it, want in tocht fan 310 kilometer ride (like fier as fan Ljouwert nei Goes) is wol wat lang.

Yn dizze moderne tiden, mei alles mei in klikje yn hânberik, lykje in soad minsken in foarleafde foar ierdske lju en hurde wurkers te hawwen. De woeste skiednis moat fielber wurde. Miskien is dat ek wol wat de alvestêdetocht ta sa'n mytysk barren makket. De langstme nei manlikens, grûn, nei kjeld en ôfsjen as tsjinhinger fan ús geregelde, gewoane libben. Dizze ferhalen bemuoie haren yn alle gefallen net mei dit libben: fan de superieure rider c.q. boer fernim ik noait de eangst om te fal(l)en.

i *De kâlde krústocht*, Hylke Speerstra, útjouwerij Bornmeer 2008, 25 euro

